

**Bijlage VWO
2021**

tijdvak 1

Fries

Tekstboekje

Inleiding bij de teksten 1 en 2

Tekst 1 en tekst 2 binne beide fragmindent út langere teksten. De earste tekst is in skriftlike werjefte fan in lêzing. De twadde tekst is in krityske reaksje op dy lêzing.

Tekst 1

De takomst fan Fryske kultuer

De *millennials*, de nije generaasje Friezen, berne tusken 1975 en 2000, sille yn de kommende desennia it kultuerbelied oernimme en de ‘mienskip’ foarmjaan. Hoe kinne sy it Fryskeigene keppelje oan in iepen hâlding nei de bûtenwrâld ta?

(1) Yn 1960 wie Fryslân noch in frijwat statyske plattelânsmaatskippij. It selsbyld fan de Friezen wie komplemintêr en tagelyk tsjinsteld 5 oan dat fan de Hollanner. *Selfing and othering* wie vrij simpel: plattelân foar stêd oer, Fries foar Hollanner oer. It Fryskeigene foel fierhinne gear mei de Fryske taal, it talich oerurven 10 kapitaal fan Fryslân. It iuwenlang driigjen mei ûndergangsprofesijen hie fertuten dien: hieltyd mear minsken wiene harren bewust wurden dat men it Fryskeigene en it Fryske pro-aktyf 15 helpe moast troch it te praten en it te skriuwen - om it mar net kwyt te reitsjen.

(2) De botsing mei dizze en allegear oare oerleverre wearden smiet yn de 20 jierren sechtich en santich grutte kulturele bloei op yn Fryslân, mei fernijers as Anne Wadman en Hessel Miedema. Fryske literatuer waard ek echt literatuer en minsken stoden nei 25 de boekwinkel ta as der wer in boek fan Riemersma of Wadman útkommen wie. Tagelyk ferruilen hieltyd mear Friezen de lânbou foar de tsjinstferliening en begûnen se te 30 pindeljen tusken stêd en doarp. Alle Friezen waarden folslein twatalich.

(3) Krekt dat is ien fan de redenen dat it taalbelied foar it Fryske oer nei 2000 feroare fan in ientalich nei in 35 twatalich perspektyf. Dat wie yngripPEND. Net langer waard it Fryske sjoen as in kollektyf kapitaal fan Fryslân, dêr’t men foar stride moast. Dy folseine twataligens waard no it 40 yndividuele kapitaal fan elke Fries.

(4) Yn dyselde tiid feroare troch globalisearring en digitalisearring it binêre Hollânsk-Fryske perspektyf ek. Dêroerhinne kaam no in globale, 45 ynternasjonale Skyl te lizzen.

Njonken Nederlânsk kaam no it Ingelsk as tredde taal op, bygelyks op trijetalige skoallen of by ús op de universiteit. Meataligens waard 50 polityk sjoen úteinlik in *hotspot* op de kennisaginda fan de provinsje Fryslân en waard liedend by de ynrjochting fan it ûnderwiis.

(5) It ferskil yn wurdearring tusken it 55 heechnoarmearre skreaune Fryske en de sprutsen farianten is lang net sa grut mear as earder. De talige werklikheid is dêrmei floeiberder wurden, in proses dat troch de komst 60 fan sosjale media nochris hiel bot fuortsterke is.

(6) Belangriker noch is de feroarjende opfetting oer kultuer dy’t nei

1990 foar master opsloech. Der
65 kaam in neoliberal rezjym op, dat
kultuer sjen wol as in vrijemerkeprodukt en dat ôfjage is op winst,
efficiency en *accountability*. Der hat
dêrtroch yn it tinken oer wat Fryslân
70 is in ferskowing plakfûn fan kennis
(fan eigen skiednis en taal) nei
belibbing, of *experience*. Frysk stie
wat langer wat minder foar de
selsrepresintaasje fan in mienskip en
75 namste mear foar presintaasje fan
stereotypen yn in toeristyske of
evenemintsjele kontekst. Sa kaam
bygelyks it lânskip nei foaren as in
belangrike *identitymarker*, belangri-
80 ker as taal.

(7) Sa't ik dernei sjoch, is der op dit
stuit yn it Fryske kultuerbelied sprake
fan in twastreamelân. De kenniskant
– bygelyks kennis fan skiednis,
85 literatuer en taal – leit benammen
ferankere by it ûnderwiis, de belib-
bing is by de kultuer te finen. De
provinsje wol dy twa byinoar bringe.
Dat liket my ek mear as winsklik. It
90 liket wol as binne de kulturele
beliedsmakkers te uzes noch hieltyd
yn de besnijding fan alâlde ûnder-
gongsprofesijen. It Frysk wurdt as in
probleem sjoen, in probleem dat
95 oplost wurde moat, mar no langer net
troch it rôde te wollen, mar troch der
mar net te folle omtinken aan te jaan.
(8) Bûtenlânske studinten út myn
eigen oplieding fernuverje harren alle
100 jierren wer oer it feit dat meartaligens
yn Fryslân skynber net op lokaal, mar
op frjemd kapitaal basearre is:
meartalich Ingelsk/Nederlânsk. Yn it
Fries Museum falt harren alle kearen
105 wer de paradoksale spanningsbôge
fan dat museum op dat ynzoomt op
Fryske kultuer – ‘it ferhaal fan
Fryslân’, sa't dat tsjintwurdich hjit –
krekt troch der ôfstân fan te nimmen.
110 It Frysk is dêr feroare yn in sinjaal-

taal: ‘húske’, stiet der op ‘e wc, mar
dêr bliwt it sawat by. Men soe jin ek
yntinke kinne dat toeristen it krekt
prachtich fine soene as alle útlis ek
115 konsekint yn dat ûnbegrylike,
eksoatyske Frysk beskikber wêze
soe, mar blykber hat dat wat
beskamsums.
(9) Dat pessimistyske ûndergangs-
120 tinken strykt nammers net mei de
feitlike tastân fan it Frysk. De
behearsking fan it Frysk rint ek ûnder
de jongerein amper tebek, doch
hieltyd wer blikken út de ûndersiken
125 dy't yn de lêste tsien jier troch de
provinsje en de Fryske Akademy dien
binne. De *millennials* wieke net ôf fan
de rest. Kulturele beliedsmakkers dy't
sizze dat it Frysk as ynstrumintele
130 taal ‘foarby’ is en wol ta kin mei in
symboalyske funksje, hawwe dus net
samar gelyk.
(10) As posityf ferskynsel is mear-
talichheid útsoarte hiel goed te
135 ferdigenjen en moat it ek oanmoe-
dige wurde: it is sosjaal en kognityf
goed foar minsken om mear as ien
taal te praten. Lit ús foaral mei krêft
en faasje trochgean mei ús súkses-
140 folle meartalichheidsbelied. Mar as
negatyf argumint doocht it net.
Súksesfol meartalichheidsbelied kin
net it plak ynnimme fan it belied
oangeande Frysk, de taal dy't
145 meartaligens yn Fryslân unyk mak-
ket. Lokale talen, sa lit ûndersyk
sjen, binne goed om sosjale koheezje
en geastlike sûnens op in heger peil
te hâlden.
(11) Iepenheid nei de wrâld ta hoecht
net stridich te wêzen mei funksjoneel
en ynstrumintel gebrûk fan it Frysk
as omgongs- en as skriuw- en
literatuertaal. It moat yn alle gefallen
155 net oarsom, dat om in op toeristen
rjochte evenemintekultuer de binning
mei it lokale ferdwynt. De *experience*

economy is paradoksaal: dy kreëarret experiences dy't faak sa flechtich
160 binne dat de bining mei it lokale weirekket, sadat it lokale as kategory syn wearde ferliest.
(12) Foar my persoanlik leit de wearde fan Fryske 'kultuer', fan
165 'Fryskens', krekt yn dat lokale, yn dat wat troch elkenien oanrekke wurde kin, yn *bottom-up* ûnderdielen fan

Kulturele Haadstêd lykas de Under de toerprojekten, yn dat wat op
170 fytsôfstân leit, yn libbene minsken: dêr leit yn ús tiid fan heale wierheden en *false news* de ferbining, de ferwûndering en miskien ek wol in stikje fan de wierheid dêr't de
175 *millennial-mienskip* sa hurd nei op 'e syk is.

naar: een artikel uit het Friesch Dagblad, 2018

Tekst 2

Meartaligens begraeft Frysktalige kultuer

(1) It wie in opfallende lêzing dy't Goffe Jensma okkerdeis yn Ljouwert joech. Fryske kultuer, sei Jensma, hat foar him syn wearde 'yn dat wat 5 op fytsôfstân leit'. Fryske skriuwers en dichters sille dêr lykwols net gau yn meigean kinne – ommers, watfoar skriuwer wol yn 'e boeken komme as de kronikeur fan it lokale fytsehok?
(2) Lit ús foar even dat tinken beet-hâlde. Wêr komt it wei? It siedsje is de ponearre tsjinstelling tusken twa nochal ûnlyksoartige saken: it 'Frysk-eigene' (foaral de Fryske taal) en 10 'iepen hâlding nei de bûtenwrâld ta'. It plantsje dat dêr yn Jensma syn lêzing út opwaakst, is it boadskip oan in nije generaasje bestjoerders, nammentlik dat dy twa saken 15 kombinearre wurde kinne.
(3) Yn Jensma syn sosjologyske beneiering wurdt meartaligens 'it yndividuele kapitaal fan elke Fries'. No wol it gefal dat te uzes neist 20 yndividuele ek sokssawat bestiet as sosjale meartaligens. Want net inkeld it yndividu is meartalich, de Fryske maatskappij is dat ek. En lit dy sosjale

meartaligens, fêstlein yn tûzenen 30 sichtbere en ûnsichtbere regels en gewoanten, no krekt in tema wêze dat yn Fryslân eins nea oan 'e oarder komt. 'Meartaligens' sa't it by Jensma brûkt wurdt, is in yn feite neoliberal begryp dat talige machtsferhâldingen 35 oerslacht en de besteande diglossy (koartwei: taalrasisme) inkeld mar fierder normalisearret en ynstitúsjo-nalisearret.
(4) Diglossy yn Fryslân toant him yn 'e folksleine oerhearsking fan it Nederlânsk yn politike, bestjoerlike, ekonomieske en kulturele sirkwys oan 40 'e iene, en yn reduksje fan it Frysk 45 nei it fytsehok oan 'e oare kant. De fyzje op Frysktalige kultuer dy't Jensma yn syn lêzing liket foar te stean, is net fan hjoed of juster: it is it iuwenâlde lietsje wer op 'e nij. De 50 Nederlânske steat marjinalisearret it Frysk ommer al sûnt de stichting fan it keninkryk yn 1815. Dat proses is yndied yn in streamfersnelling kaam mei de opkomst fan it neoliberalisme 55 yn de tachtiger en njoggentiger jierren fan 'e foarige iuw, net troch

ien of oare natuerwet, mar mei as resultaat fan bewuste politike besluten (en besluten om neat te 60 besluten).

(5) Men hoecht inkeld mar nei it ûnderwiis te sjen. Nei it súkses fan 1980, doe't it Frysk einlings, nei in striid fan sa'n tachtich jier, in ferplicht 65 fak waard yn it basisûnderwiis, is dat nije fak al gau yn it ferjittersboek rekke. Leardoelen blieken neat om 'e hakken te hawwen, lesmetoaden wie net mei te wurkjen, kwalifisearre 70 personiel bliek net nedich te wêzen, de ynspeksje bliek neat kontrolearje te kennen, de skoalkoepels blieken der gjin nocht aan te hawwen, en gean sa mar fierder. It iene nei it 75 oare kolleezje fan Deputeerre Steaten stie derby te sjen. Dérneist waard bygelyks troch politike karren it wykblêd *Frysk en Frij* opheft en it literêre tydskrift *Trotwaer* ôfskaft.

80 Boppedat ferdwûnen alle universitaire stúdzjes Frysk yn Nederlân.

(6) Men kin soks min oars sjen as de útkomst fan belied. De lêste tritich jier binne de Fryske kultuer en it 85 Frysk ûnderwiis, letterlik, ûnthalze mei it samûraiswurd fan 'meartaligens'. In stúdzje Minorities & Multilingualism sa't dy no yn Grins bestiet, mei inkeld noch in byfakte 90 Frysk, hat gjin ôfdieling Taalferneating en -ferdrukking, en dat seit genôch. Leaver wurdt spekulatyf oantoand dat meartalige bern hiel gelokkige minsken wurde sille, as dat 95 men de algeduerige belegering fan 'e minderheidstaal bestudearret en oan de kaak stelt.

(7) Mar der soene hiel oare ferhalen ferteld wurde moatte oer Fryske taal 100 en kultuer. Bygelyks it ferhaal dat Friezen net krekt sùnt it jier 2000 mar al op syn minst sùnt 1498 'meartalich' binne. Of, fuort mar, sùnt 1806,

doe't it Nederlânske leger ûnderwiis 105 better op poaten kaam te stean. Bygelyks it ferhaal dat goed ûnderwiis yn jins memmetaal in minskejocht is en dat steaten lykas Nederlân dy't dêr neat of fierstente 110 min oan dogge, harren minderheids-talige sprekkers diskriminearje en kognityf op achterstân sette. Sa't de Ried fan Europa ek altyd wer konsta-tearje moat. Bygelyks it ferhaal dat 115 de histoaryske striid foar it Frysk in striid wie foar emansipaasje en lykberjochting. En bygelyks it ferhaal dat krekt Fryslân mei syn prachtige taal foarop rinne kinne soe 120 yn it behâld en de befrïjing fan minderheidstalen út 'e ferdrukking wei.

(8) In taal is net inkeld in wize fan yn 'e wrâld te stean – yn taal foarmet 125 men jins wrâld, taal ís jins wrâld. Frysktaligen kinne it net helpe dat oarstaligen harren net fersteaan en harren taal net lêze kinne en wolle. Likegoed skynt krekt dat harren 130 misdied te wêzen. En de rûnom praktisearre, ferstikkende diglossy te uzes hat as resultaat dat net te min Frysktaligen sels ek noch leauwe dat se yndied yn it taalgefang thûshearre 135 (of yn it fytsehok).

(9) De takomst fan de Fryske kultuer leit yn better Frysk ûnderwiis, yn striid foar minskejochten, yn Fryske funksje-easken foar oerheidsbanen. 140 Yn provinsjale en steatsstipe, net inkeld foar eveneminten, festivals, feestjes en alderhande oare idel- en tafallichheden, mar foar in kulturele ynfrastruktuer dy't bliuwt en derta 145 docht. En dy takomst leit ek yn it – byneed bytsje by bytsje – taheakjen fan programma's oan Jensma syn Grinzer stúdzjerjochting. Op sa'n wize dat de Fryske taal en kultuer net 150 inkeld wer folweardich bestudearre

wurde, mar dat harren maatskiplike depravaasje ek serieus omtinken kriget.

(10) It neoliberalre tiidrek hat west. It
155 wurdt tiid dat de polityk him dat realisearret. It wurdt tiid om Frysktaligen rjocht te dwaan.

naar: een artikel uit het Friesch Dagblad, 2019

Tekst 3

Wy binne beide Fries. Dat is de basis

Philippus Breuker en Obe Postma, dat twatal tsjut op in fassinaasje fan in heale iuw. Yn 2018 ferskynde *Dreaun fan ierde' dream*, in biografy, in slútstik, in ferantwurding. 'Ik kin myn libben net begripe súnder in transindinte diminsje.'

(1) Breuker (1939), emearitus heechlearaar Frysk, hat mear Fryske skiednis en literatuer bestudearre as wa ek. Ien fan syn mannicthe oan 5 spesjalismen is de bekende Fryske dichter en lânbouhistoarikus Obe Postma (1868-1963), dêr't er earder ûnder mear in blomlezing (1997) en in nije útjefte fan *Samle fersen* (2005) 10 fan besoarge. No leit der de mânske biografy *Dreaun fan ierde' dream*. It is yn koarte tiid de twadde biografy oer Postma; yn 2017 ferskynde *A/ wat ik skriuw, dat is wier bard* fan 15 Tineke Steenmeijer-Wielenga.
(2) Wy prate oer de biograaf. Oer syn fassinaasje foar Postma. Wêr't dy weikomt. Wêrom't men sa'n biografy skriuwe wol. Breuker, dy't hieltyd wer 20 it each gean lit oer de hjerstgreiden de kant fan Dearsum út, draait him sa út en troch ris nei my ta. "In fassinaasje foar Postma? Nee, dy is der by my eins net. It is net sa dat er myn 25 heal libben yn beslach nommen hat. Ja, sa sjogge oaren miskien nei my. Myn belangstelling hat, algemien steld, yn 'e grûn te krijen mei dat wy beide Fries binne. Dat is de basis. As 30 der al wat fan identifikaasje is, dan

komt dat troch wat ik neamd haw 'it sublime wjerfarren'¹⁾ yn syn gedichten. Dêr bin ik gefoelich foar. Dat diel ik mei him. En hoe kin men in 35 biografy oer immen skriuwe as dy persoan en syn wark jin net sympathiek binne?"
(3) "Ja, wat is de sin fan in biografy? It is wol goed dat men net mear hiel 40 jong is as men soks skriuwt, tink ik. Jongere minsken sjogge oeral mooglikheden, âlderen tinke wat mear nei oer de beheiningen. Dy kenne se earder werom. Wat min- 45 sken dogge, is gauris oars as wat se woene en dreamd hiene. Men krijt mear each foar it breklike yn alle bestean. It libben is ommers yn essinsje in ferlerne striid."
(4) "It giet der net om hóe't it libben ferrûn is, mar wêróm't it sa ferrûn is. Dat is tink ik it grutte ferskil mei de biografy fan Tineke Steenmeijer. Yn 50 in soad biografyen wurdt ôfwizend dien oer psychologisearjen: men hâldt him dan benammen by de uterlikheden. Dat wol ik net. Ik jou wol ta: der is altyd it gefaar dat men jinsels yn de persoan werom ken. En 55

60 watfoar gefolgen hat dat foar it byld
dat men sketst?"

(5) "Yn 1978 siet ik mei de triennen
yn 'e eagen yn 'e keamer doe't ik de
gedichten fan Postma lies. Dat wit ik
65 noch wol. Ik haw sels altyd yn twa
wrâlden libbe. Ik kin myn libben net
begripe sûnder in transindinte
diminsje. Sûnder dat dualisme. By
my sit dêr in mankelyk aspekt oan. It
70 besef dat jin hjir wat fan de ivichheid
meidield wurdt. Doe't ik 65 waard,
haw ik myn bernedoop befêstigje
litten en my oan de herfoarme tsjerke
hjur ferbûn. Mear as fjirtich jier hie ik
75 mysels as ateïst sjoen."

(6) "Postma is yn myn eagen in
fertsjintwurdiger fan de Hege
Romantyk út de tiid doe't ferstân en
gefoel beide harren gerak kriegen. Sa
80 sjoch ik mysels ek. Dat soe myn
libbensgefoel op syn bêst útdrukke,
tink ik. Postma heart by de filoso-
fyske dichtersgeneraasje om 1890
hinne. It sosjale aspekt komt minder
85 nei foaren, ja, ik neam wol dat er
liberaal wie. Hy wie bepaald anty-
sosjalistysk, dêr wie er tefolle in
hyperindividualist foar."

(7) "Yn syn wurk is er in filosofysk,
90 mar ek in persoanlik dichter, yn dy
sin dat er oer eigen ûnderfiningen
skriuwt. Dy benaudens om de ik-
figuer yn teksten lyk te skeakelen
mei de persoan fan de skriuwer, dat
95 is wol hiel teoretysk en men moat
soks foaral net oerdriuwe. In dichter
kin úteinlik oer neat oars skriuwe as
oer wat him dwaande hâldt. Postma
skreau net persoanlik yn oerflakkige
100 sin, net oer wederwarichheden en
lotgefallen út syn deistich libben. Hy

drukt syn wêzen út, sa't er it oanfielt.
It giet allinnich oer himsels."

(8) "Doe't er jong wie, hie er ambysje.
105 Hy hat dreamd fan in grutte karrière
yn de wittenskip, en sokke ferwach-
tingen libben ek by syn âlden. Dêr is
úteinlik yn syn eigen eagen net folle
fan telâne kaam. En syn gedichten,
110 bleaune dy net beheind ta Fryslân?
Ik haw him ferlike mei de mytolo-
gyske figuer Ikarus; hy dy't nei it
heechste stribbe, is úteinlik in minske
yn al syn beheindens."

(9) "Ik fertink him ek wolris fan in
tekoart oan moed, mar it sit dochs
oars. By syn tanimmend kristlike
formulearringen socht er it kompro-
mis, in stânpunkt boppe de partijen.
115 Hy woe foar elk fersteanber wêze.
Dêr hat er literêr oars wol ynfloed mei
hân. De Fryske dichteres Rixt
bygelyks hat suver alles oer it hegere
by Postma wei. By publisist en
120 folkskundige Dam Jaarsma komst
him ek tsjin. Dêr hie ik noch wol wat
mear oer skriuwe wollen."

(10) "Ik haw tsjin dy sein dat dit myn
lêste grut projekt wie. Wat nijs, dêr't
125 ik wer de argiven foar yn moat, kin ik
net mear. Dêr komt by, ik bin no op in
leeftyd dat men wat sinniger wêze
mei mei wat men noch skriuwe sil.
Oer de Gouden Iuw yn Fryslân wol ik
130 noch al wat dwaan. Dêr haw ik faker
oer skreaun, mar dy stikken binne
net maklik werom te finen. Hoe koe
de maatskippy doe sa ta bloei
komme? En hoe wie it yn Fryslân
135 oars as yn Hollân, wat binne de
eigenaardichheden fan de Fryske
Gouden Iuw?"

naar: een artikel uit het Friesch Dagblad, 2018

noot 1 Postma wurdt rekkene ta de saneamde sublime dichters. Skaaimerken fan sokke dichters: se sette yn harren gedichten de lytse dingen yn it libben neist grutte dingen, it bewustwêzen fan de minske is in tema yn harren gedichten en se sykje nei de grinzen fan it kenbere, it ûneinige en it riedsel fan libben en dea.

De teksten die voor dit examen gebruikt zijn, zijn bewerkt om ze geschikt te maken voor het examen. Dit is gebeurd met respect voor de opvattingen van de auteur(s). Wie kennis wil nemen van de oorspronkelijke tekst(en), raadplege de vermelde bronnen.

Het College voor Toetsen en Examens is verantwoordelijk voor vorm en inhoud van dit examen.